

Brekber

Kolofon

ISBN: 978 90 8954 661 6

1e druk: 2014

© 2014 Hilda Talsma

Utjouwerij Elikser

Ossekop 4

8911 LE Ljouwert

Til: 058 - 289 48 57

www.elikser.nl

Foarmjouwing binnenwurk en omslach: Evelien Veenstra

Foto foarkant: Sietske Nadema

Foto Hilda Talsma: Marijke van der Lei

Neat út dizze útjefte mei fermannichfâldige wurde, opslein yn automatisearre gegevensbestannen en/of iepenbier makke troch middel fan print, fotokopy, mikrofilm of op hokfoar oare wize ek, sûnder foarôfgeande skriftlike tastimming fan de einredakteur en de útjouster.

This book may not be reproduced by print, photoprint, microfilm or any other means, without written permission from the author and the publisher.

Brekber

Hilda Talsma



Mei spesjale tank oan country hotel 'Mandra Edera' op Sardinië.

In hearlik plak en in wier paradys foar hynders en minsken.

www.manderaedera.com

1

‘Sinne? SINNE!’

Sinne stoot oerein en sjocht ferheard yn it rûn. Jorrit wiist gnyskjend nei har.

‘Hast allegear hea yn it hier, sjochst der net út! Mar Lisanne siket dy, se kin dy skimmel net út it lân krije. Dat bist is sa gek as in sint.’

Sinne hellet de hannen troch har wylde krollen en it hea fljocht yn it rûn. Se kloppet de klean ek ôf en gappet djip.

‘It is ien oere middeis en do leist te sliepen as in âlde beppe yn it hea. Bist net fit?’ Jorrit sjocht har ûndersykjend oan en se ûntwykt de freegjende blik yn syn eagen.

‘Ik wie let op bêd en it lei hjir wol efkes noflik yn ’e sinne. Salang ha’k net sliept, hear.’ Se rint foar him út nei it lân. Se fielt har ûngemaklik as se allinnich mei him is, omdat der noch altyd wat tusken harren yn stiet dat noait útsprutsen is. Se is net sa’n prater, mar it fielt hieltyd minder fijn. Se wit dat Jorrit it noch noait begrypt, mar se kin him net út syn lijen ferlosse. Se wit gewoan net wat se sizze moat en sjocht der tsjinoan om der sels oer te begjinnen. Dus docht se mar krekt as is se gek; as er wat witte wol, moat er der sels mar oer begjinne. Miskien wit se dan wat se sizze moat. Hy kin har sa yntins fertrietlik oansjen, wylst er dochs al wer in skoftsje ferkearing hat mei Lisanne en se binne ek bepaald gjin pubers mear. Hy is al fiifentweintich en in hiele fint. Hy wennet al op himsels en hat in fêste baan as hússkilder. Hy is ek noch oan it learen, hy wol mei de tiid eigen baas wurde, dat neffens har hat er alles moai yn streken. Se begrypt dan ek net wêrom’t er har sa oansjen kin as hie se him kapot makke. Betiden sjocht er hiel boas, dan wer fertrietlik en hy kin skoften nei har gluorkje. Se docht altyd mar krekt as hat se neat yn ’e gaten, wat moat se oars? Lisanne moat har der mar mei rêde.

Dy hat har al mei safolle jonges rêden, dy hat ûnderfining genôch. Dat is hiel wat oars as har, sy hat nei Bruno mei net ien wer wat hân; soe se oerbliuwe? It soe samar kinne. Se taalt net nei jonges en as Jorrit har eartiids net om ferkearing frege hie, hie se noait ien krigen. Utsein Bruno dan miskien, dêr wie se slim fereale op. Dêr fielde se echt wat foar, hy makke gefoelens yn har los dy't se by Jorrit noait hie. Se skodhollet wyld, se wol net oan Bruno tinke. Hy is net ien gedachte wurdich. 'Opsokkebolje, Bruno,' mompelet se yn harsels.

'Wat seist?' freget Jorrit.

'Neat!'

Se steane by it stek en Lianne stiet yn it lân mei in sjegrinige holle. Lafar, de grutte skimmel, stiet ûnferskillich te iten.

'Komt er net?' ropt Sinne.

'Nee! Wat in kutbist. Ik begryp net wat we hjir mei moatte!'

Lianne slofket nei it stek ta en giet mei de rêch tsjin Jorrit oan hingjen. Hy slacht de earms om har hinne, Sinne sjocht der mei in skean each nei. Eartiids die er dat by har, sa lang is dat noch net lyn. Dat is it iennichste dat se mist fan de ferkearing, in pear sterke earms om har hinne sa no en dan. As er no noch gewoan har freon wie sa as eartiids, dan hie se him wolris spontaan oankrûpe kinnen. Mar dat soe se no net oandoare, aanst wol er mear en wurdt Lianne lilik op har.

'En no?' freget se oan Lianne. 'It is wol in moai bist.'

'Ja. Mar net geskikt om foar de lessen te brûken en ik wit dat Richard dat sa gau mooglik wol. Dat is noch lang net fertroud, mei sa'n bist krijst ûngemakken en bange minsken. Foar de bern is it hielendal neat, dat soe echt hiel ûnferantwurdlik wêze.' Lianne draait de holle om. 'It bliuwt ek sa dizich wêr't er weikomt. Ik fyn net dat wy in soad dúdlikheid krije, wylst dat sa wichtich is as je mei nije hynders wurkje. As

wy de skiednis fan Lafar witte, krije wy miskien in better byld fan him en witte we wat we dwaan moatte. Ik ha noch noait sa'n eigenwiis en dominant hynder meimakke, ik tink dat ik myn muoike marris belje moat ... Wacht ris! As ik no besykje him te krijen, kinsto it dan net opnimme, Jorrit? Dan stjoer ik it filmke nei muoike en miskien kin se ús dan helpe. Hasto alris in fatsoenlike tillefoan, Sinne?'

Se skodhollet. 'Nee, en dat boeit my ek net. Mar ik tink dat dit wol in goed plan is.'

Lisanne rint it lân wer yn en Jorrit krijt de tillefoan út 'e bûse. Se hat har âlde tillefoan kapot smiten omdat Bruno hieltyd kontakt mei har socht en no hat se ien út it jier nul. In âlden fan Marit. Se kin har der prima mei rêde en al dy flauwekul sa as appe, sms'e en facebooke seit har dochs neat. Lisanne strúnt wat yn it lân om, se docht krekt as siket se wat, om de oandacht fan Lafar te lûken. Hy hat har wol yn 'e smizen, want syn earen draaie hieltyd nei har ta en hy swypket mei de sturt. Dat is net in goed teken, want miggen binne der amper. Hy yt gewoan troch en folget Lisanne mei syn eagen, mar mear oandacht krijt se net fan him. Alle oare hynders yn it lân rinne nijsgjirrich nei har ta, mar Lafar net. Hy is wol sosjaal nei de oare hynders ta. Hielendal net gemien, mar oan minsken hat er in hekel. Dy fertrout er net, miskien is er wol mishannele. Jorrit is it lân ek ynrûn, sadat er it better op nimme kin en Lisanne rint stadich nei Lafar ta. Sadree't se twa meter fan him ôf stiet, docht er de earen plat en swypket er wer mei de sturt.

'Tinkst derom, Lisanne!' ropt Sinne.

'Ja, mar dit is foar de film!'

'Kinst no net in Join Up mei him dwaan? Hy fertoant gjin goed gedrach.' Sinne hâldt de hân boppe de eagen foar it felle ljocht, se is benijd wat Lisanne dwaan sil.

Mar Lianne docht hielendal neat mear. Se bliuwt stean en sjocht in oare kant út. Lafar lit de sturt wer hingje en yt fierder. Mar hy stiet op skerp, dat sjogge se allegear. Op it moment dat Lianne har wer omdraait, draait er de kont nei har ta en bokt er allemachtich heech. Lianne draaft by him wei, mar se wurdt poer op him.

‘Kuthynder! Hoepelje in ein op mei dyn sjegrinige kop!’

‘Net dwaan!’ ropt Sinne. ‘No bist fierste agressyf. Dat is net in basis om fierder mei te wurkjen! En it lit ek gjin goed liederskip sjen.’

‘Sinne hat gelyk! Jorrit sjocht mei noed nei syn freondinne dy’t fol adrenaline sit en mei grimmitige eagen nei Lafar sjocht, dy’t wer yn it gers omhapt. Se ballet de fûsten en jaget him op.

‘Kin my no neat skele! Ik ha noch noait sa’n aap fan in hynder sjoen!’

Lianne rint opnij op Lafar ta en de skimmel knalt syn achterpoaten wer in ein omheech. Lianne kin krekt fuortkomme en hellet de riem út har broek. Dêrmei jaget se Lafar fuort en se raast har de longen út it liif. It is gjin gesicht en Sinne stiet der skodholjend nei te sjen. Dit wurdt sa neat, Lianne is fierste fûl.

Lafar fjouweret by har wei en se draaft mei de riem achter him oan. De oare hynders stowe ek fuort. It hiele lân is yn rep en roer en Lianne rint as in fiskwiif achter Lafar oan te razen, mar hy kin fansels folle hurder. Hy hat de earen no moai omheech en de sturt derop. Hy paradearret as in macho trocht it lân en it liket wol as stekt er Lianne finaal de gek oan. It wurdt fan alles neat en hymjend komt se by it lân, mei Jorrit achter har oan.

‘Begrysto no wêrom’t ik my sa opnaaie lit troch sa’n stom bist?’

Sinne laket en skodhollet. 'Ik ha dy noch noait sa opfokt sjoen, do wol Jorrit?'

'Jawol, mar net by de hynders.'

Lisanne jout him in huf op it skouder en klimt oer it stek.

'Ik rin gewoan as ien of oare debyl troch it lân te razen en lit my kompleet de gek oanstekke troch dat bist. Ik ha der neat mei, ik hâld der mei op. As Richard tinkt dat er wat kin mei dy skimmel, dan besiket er it sels mar!'

Se sjocht Sinne oan. 'It falt my fan Richard ôf dat er net mear ferstân hat. It falt my ek fan mysels ôf dat ik gjin kontakt mei Lafar krije kin, mar ik hie him noait kocht foar de lessen en do ek net. Ik begjin swier te twifeljen oan Richard syn kennis. Karel hie it ek noait dien. Kom Jorrit.'

Lisanne lûkt Jorrit oan 'e earmtakke mei nei de maneezje en Sinne bliuwt noch efkes by it stek stean. Lafar stiet wer gemoedlik te iten as wie der neat bard. It is in prachtich hynder om te sjen, hy hat grif goede papieren. Mar Lisanne hat al gelyk, wêrom docht Richard soks? Hy hat ek neat mei harren oerlein, wylst sy de boel hjir runne en de lessen regelje. De lêste pear dagen hawwe se him amper sjoen en dan komt er ynienen mei in hynder oansetten dêr't se fierder neat fan ôf witte. En foardat se wat freegje koene, wie er alwer fuort. No sit er skynber wer yn Frankryk ... se woe wol dat alles noch by it âlde wie. En dat se net alle kearen hertkloppingen krijt as se oan him tinkt. Dêr baalt se fan, want hy is net aardich en totaal har type net. It is in wolf yn skieppeklean.

2

Se sil achter Jorrit en Lisanne oanrinne, mar ynienen is der allegear konsternaasje yn it lân. De hynders wrinzgje lûd en de Fries, Froukje, draaft ûnrêstich by de sleat hinne en wer. Sinne hat fuort yn 'e gaten dat dêr eat is en giet der gau hinne. It docht bliken dat Melle, de fôle fan Froukje, yn 'e sleat leit en it bistke sjocht har mei grutte bange eagen oan. Hy swimt nei har ta en besiket út alle macht by de wâl op te klimmen, mar dy is te heech. Se ferflokt Richard dy't in pear wiken lyn de sleatten útbaggerje litten hat en de wallen opheegje litten hat. Se hat noch sa tsjin him sein dat it net in goed idee wie, omdat der hiel inkeld wolris in hynder yn 'e sleat falt. Sa as de situaasje earst wie, koene se der maklik sels útkomme. Se krijt de fôle by de bine, mar kin him der mei gjin mooglikheid útkrije. Se hat ek net in stik tou dat se him achter de kont dwaan kin. Se draait har om, om te sjen oft der immen yn 'e buert is, mar se sjocht net ien. Oron is ek noch net op 'e lap en Lisanne en Jorrit sille wol oan 'e kofje sitte. Se hâldt de fôle mei ien hân beet en krijt mei de oare de tillefoan út 'e bûse om Jorrit te beljen. De tillefoan giet in pear kear oer en as er opnimt, suchtet se ferromme. 'Jorrit! Melle leit yn 'e sleat! Jimme moatte hjir wer komme. Froukje is hielendal oer de toeren en ik krij him allinnich net by de wâl op. Hie dy stomme kloot fan in Richard no mar nei my lústere! Dy eigenwize lul mient dat er Jezus is, mar dy wâl is dus fierste heech, hin!'

It bliuwt lang stil, se hat it smoar yn. 'Jorrit! Jou antwurd, man!'

'It is mei Jezus. En Jorrit is hjir net.'

Sinne stiet stokstiif en dikeret nei de tillefoan. Se hat Richard belle ynstee fan Jorrit! Se hat har baas útskolden. Se kin

wol troch de grûn gean. Jorrit stiet by de 'R' fan Rypma en dêrboppe stiet Richard ... shit! Se fielt dat se read wurdt, mar dat kin hy gelokkich net sjen.

'Dan kinst ek oer it wetter rinne!' seit se feninich. 'Bist tafallich yn 'e buert?'

'Tafallich bin ik yn 'e buert,' seit er driigjend. 'Ik tink datsto in grut probleem hast. Wat miensto wol net, my sa te beledigjen!'

'Kin my neat skele! Ik ha dy warskôge mar woest WER net lústerje! Ik sit hjir wat ûngelokkich en dy fôle moat út 'e sleat! Stjoer efkes ien, ja?! Dy earmte Froukje hat it net mear.' It is wer stil oan 'e oare kant. Se heart al in djippe sucht. 'Komt goed.' Hy ferbrekt de ferbining.

Se docht de tillefoan wer yn 'e bûse en kin harsels wol foar de kop slaan. Wat in domme aksje!

De measte hynders steane om har hinne en der is ien dy't oan har kapusjon lûkt. Se rûgelet hast om en lilck sjocht se achterom. Lafar rint achterút en se begrypt it net hielendal. Die hy dat? Se draait har wer om en praat tsjin 'e fôle dy't hieltyd mear tsjinwrakselet. Hy hat fansels skjinn syn nocht om der sa ûnbehelplik by te hingjen en earlik sein sy ek. Mar se doart him net los te litten; foar 't selde swimt er nei de oare kant en rekket er noch mear yn panyk. Se wurdt alwer achteroer lutsen oan 'e kapusjon.

'Hâld dêr mei op!' Lilck draait se har om en wer stiet Lafar as iennichste achter har. De oaren steane om har hinne. Lafar hat de earkes moai nei foaren en sjocht har gutich oan. Se moat der suver om gnize, se hie noait achter him socht dat er gefoel foar humor hat. It jout wol in yngong om aanst mei him oan it wurk te gean. Miskien moatte se it op in hiele oare manier besykje ... miskien wol mei mear humor. Dat er niis Lisanne sa teplak sette, wie op himsels ek wol humor.

‘Oan ’e kant, domme bisten!’

Richard draaft nei har ta en jaget de hynders mei woeste gebaren fuort. Se fleane allegear in kant út en Lafar bokit in pear kear bêst. Sinne hat fuortdalik it smoar yn, hy is altyd sa asosjaal tsjin de hynders en dat is dan de baas fan de maneezje. Normaal hie se der wat fan sein, mar no mar efkes net. Se tocht ek dat er noch yn Frankryk siet, hy hâldt harren nergens fan op ’e hichte.

Richard hat in langeerline mei en smyt dy om de kont fan de fôle hinne. It slagget yn ien kear. Hy lûkt oan ’e lange en Sinne oan it haadstel. Sa hawwe se him samar út ’e sleat en Froukje dartelet bliid om him hinne. Lytse Melle stiet der wat sneu by en trillet hielendal. Richard sil him oer de noas aaie, mar Sinne slacht syn hân fuort.

‘Net dwaan! Gjûn oandacht oan jaan. Allinnich mar as er by dy komt en as er wat goed dien hat. No moatst gewoan krekt dwaan as is der neat oan ’e hân. Rêstich bliuwe.’

De fôle rint nei syn mem ta om te drinken en de rêst is werom yn ’e keppel.

‘Sjochst wol?’ seit Sinne triomfantlik. ‘Hy giet alwer syn gong.’

‘Behannelje my net altyd as ien of oar lyts bern!’ seit Richard lilck. ‘Ik bin dyn baas, of bist dat soms ferjitten?’

‘Dat wol net sizze datst net nei my lûsterje kinst! Ik fyn datst in plak yn ’e wâl meitsje moatst dêr’t de hynders derút komme kinne. We hawwe noch noait sa’n situaasje hân en as ik hjir net west hie, wie dy fôle fersopen. Dyn winst dus ek. Tink dêr marris oer nei! En noch wat ... do komst en giest wannear’t it dy útkomt en wy witte fan neat. Al in bytsje nuver foar immen dy’t fynt dat er de baas is, fynst ek net?!’

‘Wol ferdomme!’ Hy krijt har by de earm en draait har nei him ta.

‘Wat bisto in bretalenien! Do hast werklik foar gjinien respekt!’

Se knypt de eagen heal ticht en parset de lippen op elkoar fan nidigens.

‘Ik ha respekt foar dyn omke Karel! Dat is teminsten in echte hynsteman. Do hast der totaal gjin gefoel by en bist sa gemien as tou. De iennichste reden dat it hjir sa drok is, komt omdat dy wiven allegear mei dy it hea yn wolle. Sûnt’sto hjir bist, is de omset omheech gien, mar de hynderfreonlike fizy is sakke oant ûnder nul. Ik doar hjir no wol te bewearn dat dyn kunde fan hynders net basearre is op respekt, mar op eangst en dat sjogge Lianne, Oron en ik, mar al dy hitsige froulju net!’

‘Wêrom giest dan net fuort? Asto dy te goed fynst foar my dan sikest dochs in oar plak? En ast noch efkes sa trochgiest, dan sil dat ek wol moatte!’

Hy sjocht har mâl oan en ynwindich moat se der om gnyskje. Se hat him echt op ’e kast. Bretaal trochboarje har eagen sinent en alhoewol’t se echt in hekel oan him hat, moat se wer tajaan dat er ôfgryslke kreas is. It is in ymposante ferskinning. Grut en breed. Brún en stoer. Aventoerlik, ek. Hy hat de hiele wrâld oer west en sels rodeo riden yn Amearika as se de sterke ferhalen leauwe moat, mar syn eagen ferriede syn karakter. Hy kin flaaie by de froulju en meirate mei de mannen, mar syn echte wêzen wurdt dúdlik as er mei de hynders omgiet. Rûch en respektleas. Gemien en eigenwiis. Dan knypt er de eagen healticht en sjocht er grimmitich foar him út mei in fûle blik. Wat soe syn probleem wêze? Hy wurdt sjoen as dè hynsteman yn syn famylje, wylst Karel it echt is en dêr heart se net ien oer. Of soe dat komme omdat er sa kreas is? Alles wat er dien hat, hat altyd wol mei hynders te krijen hân en hy hat ûnderfining genôch. Mar syn gefoel is

earne lizzen bleaun en se kin hast net leauwe dat hy in neef is fan Karel. Karel en sy hiene deselde fizy en doe't se nei har oplieding by him oan it wurk koe, wie it krekt as hie se hjir al jierren west. Karel hie yn 'e measte lessen it bit al ôfskaft, de hynders hiene in soad bewegingsfrijheid, hy wie sels fan doel in grutte paddock te meitsjen sadat se noait mear fêst op 'e stâl hoegden te stean. Dan koene se altyd nei bûten en efkes omtoarkje. Op 'e stands stiene hielendal gjin hynders mear, dy waarden no brûkt foar opslach, mar sûnt Richard de baas is steane der al wer in pear hynders. Lokkich soargje Lianne, Oron en sy derfoar dat se genôch bewegingsfrijheid krije en op 'e tiid nei bûten kinne, mar as it oan Richard leit dan steane se der dagen achter elkoar sûnder dat der immen nei omsjocht. Se krije iten en de stront wurdt oprûme, mar mear net. Dy hynders op 'e stands kinne amper de kont keare en it begruttet har sa.

'Doochsto eins wol?' freget Richard en hy skoddet har troch elkoar. 'Wêrom bist no wer ynienen sa stil? Ik begryp werklik hielendal neat fan dy. Ik ha noch noait sa'n dwers frommes meimakke!'

'Ik fyn net dat in hynder op in stand heart te stean!'

Hy bolderet it út. 'Dat is in goeien! Nee, as it oan dy leit krije se allegear in wetterbêd mei in dûnzen dekbêd en in kopke waarme poeiermolke foar't se sliepen gean! It binne bisten, myn leave Sinne. It wurdt heech tiid datst dat ek ris ynsjochst.'

'Ik bin dyn leave Sinne net!' Se lûkt har mei in flinke haal los en naait út. Se draaft troch it lân nei it stek, mar hy set de sokken der ek yn. Se rint sa hurd as se kin en eins is se no bêst wol in bytsje benaud foar him. Behindich springt se oer it stek en mei gong fljocht se oer it terrein fan de maneezje. Se sjocht efkes gau achterom en laket lûd as se yn 'e gaten

krijt dat er har net ynhelje kin. Se stekt de middelfinger nei him op en beslút om nei de kantine te gean. Dêr sitte de oaren ek, dêr is se wol feilich. Karel woe altyd graach nochris in ezel ha op de maneezje en dy ha se no. En ezels binne dwers, sy net!

3

‘Dat mienst net! Hat se alle kninen loslitten? En dy fan jimme hat de hûn deabiten en it knyntsje fan de buorlju is fersûpt?’ Anneke suchte djip en it swit bruts har oan alle kanten út. Se hold de tillefoan wol in meter fan it ear, mar se koe mefrou De Vries noch razen hearre en Johanna, har famke, hearde se lûd gûlen.

‘Ik fyn it freeslik wat der bard is, ik sil sjen oft ik Sinne fine kin. Alle kosten sille we fergoedzje ... dat wol sizze, as jimme in nije knyn keapje wolle, dan betelje wy dy ... Dat wit ik wol, dat begryp ik fansels hielendal. Der sil noait wer sa’n leaf knyntsje wêze as Fluffie, mar ik bin der likegoed mei oan.’ De ferbining waard ferbrutsen en djip suchtsjend lei de mem fan Sinne de tillefoan op ’e tafel. Se gong moedeleas op in stoel sitten en dikere mismoedich foar har út. Dat ferrekte dwerse fanke ek altyd! Se skodholle in pear kear wyld en sprong wer oerein. Fêstberet rûn se nei it hok om de fyts te krijen. No hie se fannemoarn sa hurd wurke en se wie fan doel te genietsjen fan har frije middei. Bytsje omskarrelje yn ’e tûn, in boek lêze, de ruten himmelje en wat boadskipje op ’e fyts. Mar dat waard dus allegear neat, se moast teminsten twa gesinnen ûnder eagen komme dêr’t de kninen fan dea wiene en dan har eigen dochter ek noch straf jaan ... foar de safolste kear. Wêr soe dat fanke úthingje?

‘Sinne Tinka Taylor!’ rôp se lûd en se trape yn ’e wyn op rjochting de hutte fan har dochter en har freontsje Jorrit.

‘Dit is net bêst,’ flústere Jorrit en hy kaam mei de holle boppe de sleatswâl út. Hy seach skrutten om him hinne en en kroep stadich omheech. ‘As jimme mem sa lûd ‘Sinne Tinka Taylor’ ropt, dan hast echt in grut probleem.’

Sinne kroep neist him en seach om har hinne, mar har mem wie allang út it sicht.

‘En no?’ frege Jorrit. ‘It wie dyn idee.’

‘Jou my mar wer de skuld, do hast de hokken losmakke!’ Se kaam oerein en draafde oer de dyk de tún yn. Se gong op ’e skommel sitten en Jorrit liet him langút yn it gers falle.

‘Do woest dy kninen rêde en no binne der twa dea. Miskien wol mear, dy bisten binne hielendal net wend om los te wêzen.’

Se seach him mâl oan. ‘Nee! En dat is no krekt sa freeslik, Jorrit! Fluffie en Snoetje binne dan miskien wol dea, mar al frij. Dy earme bisten sitte dei út dei yn, jier út jier yn yn dy lytse hokjes te wachtsjen op wat oandacht of iten. Kninen binne hiele sosjale bisten, dy hearre net allinnich te wêzen en se moatte bewege kinne. It is hielendal net ús skuld, it is dy minsken harren eigen skuld! Omdat dy kninen neat wend binne, is har natoerlike gedrach hielendal ferdwûn. In normale knyn falt net yn it wetter en kin wol fuortdrave foar in hûn en al hielendal foar sa’n hûn as dy dikke Doerak.

‘Ik hoopje dat dy oare kninen wer yn it hok sitte. As ik dat allegear sels betelje moat, is al myn jierdeisjild wer op. Dan bin ik 14 jier en blut. Hasto ek jild krigen op ’e jierdei ferline wike? Dan bist dat ek kwyt.’ Jorrit luts in rare grimas en suchte djip. ‘Ik fyn it altyd sa apart dat wy op ’e selde dei berne binne. Soene we in soarte fan twaling wêze? We boartsje ek altyd mei elkoar en ik doch alles foar dy ... mar de oare kear fuotbalje ik leaver. Ik lit gjin bisten mear foar dy los!’

‘Dan bist ek net myn bêste freon!’ sei Sinne boas en se sprong fan ’e skommel ôf. ‘Echte freonen dogge alles foar elkoar! Gean mar fuort!’

Jorrit stuts de middelfinger nei har op en rûn sûnder wat

te sizzen fuort. Sinne draafde nei de sleatswâl achter yn 'e tún en plofte yn it reid del. Oan 'e oare kant rûn in keppel hynders, dêr koe se de hiele dei wol nei sjen. Yn 'e fakânsje hie se dat ek wol twa wiken achter elkoar dien en it ferfeelde har noait. Jorrit wie doe op fakânsje en oare freonen hie se eins net. Se fûn allinnich him leuk. Se lei de holle op 'e knibbels en baalde no dochs wol in bytsje fan har aksje. Se soe it yndied wol sels betelje moatte en se sparre no krekt foar in eigen pony. Buorman Hein hie in moaie swart/bûnte pony te keap foar twahûndert euro. Hy sei dat it in kloatebist wie, mar hy wie wol prachtich en se hie allang sjoen dat Hein sels net mei hynders omgean koe. Se wist seker dat se wat koe mei dy pony en se hie al hûndert euro sparre. Twahûndert euro wie net djoer. Hy frege earst tûzen euro, mar alle kearen dat der minsken kamen mei bern wie dat bist net te hanthavenjen. Hy goaide alle bern fan him ôf, skopte, stegere en biet, dat Hein wie der eins glêd mei oan. De pony rûn yn it kampke lân neist it lân mei de keppel en hy kaam sadwaande ek noait mear troch hannen. Buorman wie der suver bang foar, dat hy krige syn iten op 'e tiid en mear net. Sinne kaam wolris efkes by him en dan gie se op 'e grûn foar it stek sitten. Nei ferrin fan tiid kaam de pony by har en snuffele oan har hier. Hy hie net iens in fatsoenlike namme, buorman neamde him 'Kloatebist'. As er fan har wie, dan soe se him 'Tobar' neame, oer dy namme hie se dreamd. Se draafde yn in prachtich fjild mei grutte beammen en blommen. Se fiede har sa frij en lokkich yn dy ûnmjitlike romte sûnder stekken en omheiningen, se koe alle kanten út. Yn 'e fierte rûn in keppel hynders, like frij as har. Hynsten, merry's, fôlen ... alles rûn by elkoar en dêr woe se hinne. Immen rôp 'Tobar', mar se wist net wa, se wie allinnich. Doe't se hast by de hynders wie, gong de wekker en wie se wer werom yn har eigen beheinde wrâld.

Se moast sjen dat se sa gau mooglik genôch jild sparre foar Tobar, oars gong er nei de slachter. Hie se no dochs dy kninen mar net loslitten.

Se hearde oan it rammeljen dat har mem der wer oankaam op de fyts. It spatboerd siet noch altyd los, dus. Dat wie ek har skuld; doe soe se mei de hûn fan 'e buorlju fytse en rekke de riem ûnder it spatboerd en foel se om mei fyts en al. Se dûkte djip yn it reid en lei de hannen op 'e earen.

'Twa kninen deal!' Har mem raasde deroer ûnder it jûnsiten en Sinne seach har skynber ûnfersteurber oan. Har heit Charles die noch wat sju oer de ierdappels en like syn rêstige sels te wêzen. Hy lake leaf nei Sinne en mem Anneke barste sawat út elkoar fan nidigens. Har sus, Marit, hold har wyslik stil en iet braaf it iten op.

'Der is altyd wat mei dat fanke! In pear wiken lyn hat se de bok fan Homme loslitten, dy hat de grientetún fan de buorlju leechfretten en doe de geit fan de oerbuorlju dutsen. It wie allegear konsternaasje en ik mocht it wer opknappe!'

'Dat ferhaal kinne we dochs allang?' sei Charles gnyskjend.

'En dat is dochs wer goed kommen?'

'Ja, troch my, net troch jimme! Ik ha holpen de grientetún te fatsoenearjen, alteast wat derfan oer wie. Ik ha meiholpen de bok te fangen en it hat my tweintich euro koste oan blommen om it goed te meitsjen! Dy hat se my ek noch net werom betelle!'

'Ik sparje foar de pony fan Hein!' sei Sinne sacht.

'Wat seisto dêr? De pony fan Hein? Sûnt wannear is dat kloatebist te keap?' Anneke smiet twa ierdappels op 'e panne en gong sitten. 'En hasto dan hielendal net wat mear besef fan watsto dy minsken oandien hast mei dyn fratsen?'

Ik fyn it knap asosjaal! Begrypst dochts seker sels ek wol dat it freeslik foar dy bern is as harren knyntsje dea is?’

Sinne helle de skouders op. ‘Hein wol der twahûndert euro foar ha en ik ha al hûndert.’

‘Minus tweintich euro foar de blommen en it jild foar twa nije kninen,’ seit Anneke koartôf. Se sjocht teloarsteld nei har dochter dy ’t har der skynber net in tel drok om makket wat se in oar oandien hat en har der ek net foar skammet.

‘Dan giet er nei de slacht!’ Sinne sloech mei de foarke op ’e tafel en seach nei har heit.

‘Dat is ek sneu, mar mem hat al gelyk, it is net sa’n leaf hynder.’

‘Dat is it wol, heit! Hein kin gewoan net mei hynders omgean!’

‘Do wol, dan?’ frege Marit.

‘Ja!’ Sinne die de earms oer elkoar en seach bretaal yn it rûn.

‘En wêr hasto dat leard, dan?’ Charles skepte syn panne foar de twadde kear fol.

‘Ik sjoch alle dagen nei de hynders yn it lân.’ Marit lake lûd en Anneke skodholle.

‘Dan lear je wat ... sjen nei de hynders!’ Marit rôle mei de eagen.

‘No ...,’ sei Charles, ‘troch goed te sjen, kinne je in soad leare. Dat is net sa raar, hear!’

Anneke sloech mei de fûst op ’e tafel. ‘We hiene it oer de deade kninen en it jild! Ik wol net iens in hynder ha en al hielendal net sa’n kloatebist!’

Sinne spatte oerein en treau de panne foar har út. ‘Tobar is net in kloatebist! Ik ha kontakt mei him en it is myn hynder! Ik kin der sels wol op passe!’

‘Tobar?’ frege Charles. ‘Hoe komst dêr sa by?’

‘Dêr ha’k oer dreamd! Ik wie yn in grut fjild mei beammen,